



Easterein, 2 febrewaris 2017

## Stipepuntraining froulju junioaren/senioaren

**Lykas ferline jier organisearret Keatsferiening Easterein dit seizoen wer trainingen foar froulju junioaren en senioaren.**

### Wat hâldt de stipepuntraining yn:

- In trainingsmooglikheid (12 trainingen) foar de froulju junioaren/senioaren;
- Profesjonele trainingen oanbean troch diplomearre trainers.

### Trainingen

De sealtrainingen (4 kear) fine plak yn sporthal 'de Greidhoeke' yn Easterein en starte op tiisdei 4 april 2017 fan 19.00 - 20.00 oere. Nei dizze perioade begjinne oanslútend de fjildtrainingen (8 kear) op sportkompleks 'de Skoalleseize' yn Easterein. Dizze trainingen starte fanôf 1 maaie 2017 en fine plak op moandei te jûn fan 19:00 oant 20:00.

### Kosten

Om diel te nimmen oan de trainingen wurdt in bydrage frege fan € 12,50 foar de sealtrainingen en € 17,50 foar de fjildtrainingen. At der keazen wurdt foar sawol de seal- as de fjildtraining dan jildt der in **koarting fan € 5,-** en komt it totale bedrach út op **€ 25,-**.

### Opjefte

De opjefte foar de trainingen fynt plak fia in digitaal opjefteformulier op de webside fan keatsferiening Easterein ([www.kfeasterein.nl](http://www.kfeasterein.nl)). Sjoch ûnder it kopke *trainingen* en dan *stipepunt*. **Opjaan kin oant en mei snein 12 maart 2017!**

### Fragen?

Mochten der noch fragen of opmerkings wêze, nim dan kontakt op mei Bauke Dijkstra (trainingskoördinator K.F. Easterein) fia [training@kfeasterein.nl](mailto:training@kfeasterein.nl).